

**Jierferslach**

2 0 \ \ \

\ D / N G \

\ T / / D \

\ \ \ 2 0

## **DINGtiid**

### **De namme DINGtiid**

In 'ding' wie yn de tiid fan de âlde Germanen in gearkomste dêr't de frije mannen yn byinoar roppen waarden om in kwestje of skeel te besprekken. Sa'n kwestje waard fan alle kanten besjoen en besprutsen. Uteinlik joech de 'asega', in wetskenner, syn advys. DINGtiid, it Orgaan foar de Fryske taal set it 'ding' yn in nij perspektyf. As in ûnderwerp aktueel is kin DINGtiid saakkundigen of oare nigethawwers byinoarbringe yn in DINGpetear en dat tema fan ferskate ynfalshoeken út beprate.

### **Rol fan DINGtiid**

DINGtiid wol oerheden en oare organisaasjes helpe om hannen en fuotten te jaan oan de Wet gebrûk Fryske taal (2014). DINGtiid folget ek oft en hoe't se dat dogge. As der oanlieding ta is, dan kin DINGtiid in advys opstelle oan oerheden en organisaasjes oer hoe't se taalbelied stal jaan kinne. Like nijsgjirrich as de advisearjende rol fynt DINGtiid ek syn oare rol, nammentlik it ynspirearjen fan minsken en organisaasjes om it Frysk op in fanselssprekkende wize te brûken. DINGtiid bringt minsken byinoar, sammelet en dielt ynformaasje, harket, stelt fragen en advisearret. DINGtiid wol ynnovatyf en iepen wêze en siket ek hieltyd nije foarmen om it petear oan te gean.

## Wa is DINGtiid?

Yn 2020 hawwe seis minsken yn it bestjoer fan DINGtiid sitten, allegearre mei harren eigen ekspertize en eftergrûn. De bestjoersleden hawwe mienskiplik dat harren woartels yn Fryslân lizze en dat se harsels dêr ek bot mei ferbûn fiele. Tagelyk sjogge se mei in frisse blik nei Fryslân en it Frysk. It bestjoer bestie op 1 jannewaris 2020 út:

- Jan Koster (earder: direkteur Arbeidsfoarsjenning; Ekonomyske Saken gemeente Maastricht; Omrop Fryslân), foarsitter, oandachtsfjild bestjoerlike saken en media
- Freddy Weima (direkteur Nuffic), oandachtsfjild kennis en ûnderwiis
- Hanny Elzinga (Dean University of Groningen Honours College), oandachtsfjild juridyske saken
- Bianca Pander (partner BKB |Het Campagnebureau), oandachtsfjild media en kultuer
- Hedzer Klarenbeek (earder: jeugd- en sedeplysje Fryslân, wurdfierder fan it kolleezje fan B&W fan gemeente Ljouwert), oandachtsfjild oerheden

Bianca Pander naam op 1 april 2020 ôfskied as bestjoerder. Hanny Elzinga lei op 31 desimber 2020 har funksje del.

Fan 1 oktober 2020 ôf waard it bestjoer útwreide mei:

- Anne Merkuur (promovenda oan de Universiteit fan Amsterdam en de Fryske Akademy, docht ûndersyk nei feroarings yn de Fryske taal), oandachtsfjild taal en kultuer

Yn desimber 2020 sette DINGtiid in fakatuere út foar in bestjoerslid mei portefúlje Rjocht. In nije bestjoerder moat yn 2021 beneamd wurde.

It bestjoer fan DINGtiid wurdt fierder stipe troch Anne Popkema (bestjoersadviseur), Tjallien Kalsbeek (sekretariaat) en Froukje Sijtsma (kommunikaasje).

## Haadlinen DINGtiid yn 2020

### **Oerlizzen**

DINGtiid hat yn 2020 njoggen ynterne oerlizzen hân mei bestjoer en stêf. Fanwegen de koroanakrisis hawwe de measte oerlizzen online plakfûn. Mei deputearre Sietske Poepjes, as Taalskipper, hawwe trije mominten fan oerlis west mei it bestjoer. De fokus lei benammen op de kennissektor fan it Frysk, de follow-up fan de casestudy Frysk by de Ryksútfieringsorganisaasjes en it plak fan it Frysk yn de rjochtseal. Mei ôfdielingshaad Eric Stokkink fan it ministearje fan Ynlânske saken (BZK) hat ien oerlis plakhân. Dêr waard praat oer wat de koroanakrisis betsjut foar it útfieren fan it Wurkprogramma fan DINGtiid. Op amtlik nivo hat der ek geregeld kontakt west mei provinsje Fryslân en de ministearjes fan BZK en Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW). Yn it ramt fan de advysnotysje oer de Kennisynfrastruktuer fan it Frysk hawwe der petearen plakfûn mei in ferskaat oan kennisbestjoerders en kennisprofesjonals yn it Fryske fjild. Fierder binne gearkomsten bywene fan ûnder oaren Gemeenten&Frysk en it Steatekomitee Frysk. Ek hat der in oerlis plakfûn mei it Gerjochtshôf Arnhim-Ljouwert oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal, is mei Omrop Fryslân praat oer de befinings oangeande media by de wurkbesite yn Galisië, en is mei Fers paat oer it Frysk by de bibleteken.

### **Rjocht**

#### **DINGpetear Rjocht**

Op 27 febrewaris 2020 organisearre DINGtiid in DINGpetear oer it 'Frysk yn de rjochtseal'. Dit DINGpetear waard ûnder oaren bywene troch personiel fan Rjochtbank Noard-Nederlân, Slachtofferhelp, het Juridysk Loket en tolken. Dr. Joanne Duarte, lektor Meartaligens oan hegeskoalle NHL Stenden, fersoarge de ynliding en lei út dat meartaligens yn Europa earder regel is as útsûndering. It gebrûk fan it Frysk en meartaligens blykt fan wêzentlik belang yn de rjochtseal. Fan de útkomsten fan it DINGpetear makke Jan Klinkhamer de folgjende tekening:



Yn de midden fan de tekening stiet in rjochter dy't de rjochtseal ynrint en dy't de minsken yn de Fryske taal **begroetet**. Dêrmei nûget se de oanwêzigen út om sels ek it Frysk te brûken at se dat wolle, mar lit se boppedat sjen dat se de Fryske taal **sels behearsket**. It Frysk is gjin útsûndering, mar in realiteit yn dizze meartalige wrâld. Sa draacht de rjochter út dat se it **fermogen ta ynlibjen** hat om de oar yn syn memmetaal te hearren en te wurd te stean. De rjochter lit sa ek sjen dat se har **ferbûn** fielt mei it Frysk of har **ferpleatse** kin yn dizze taal en kultuer. Dit sil bydrage oan de **kognitive feardichheden** dy't fan in rjochter frege wurdt. In Frysktalige fertochte, slachtoffer of tsjûge fielt him sa better sjoen en heard. Doel fan de rjochtspraak is dat der rjocht sprutsen wurdt op basis fan **wierheidsfining**. Troch in fertochte, slachtoffer of tsjûge yn de memmetaal te befreesjen en prate te litten, kin de wierheid sekerder oan it ljocht komme. Kennis oer nuânsen yn in taal binne dêrby fan belang. Yn de Fryske taal bygelyks kin mei it wurd 'foet' sawol it Nederlânsktalige 'voet' as 'been' bedoeld wurde.

# ‘Friestalige rechter nodig als verdachte Fries wil spreken’

**Enige Friese tolk: Fries voelt zich zonder Friestalige rechter niet op gemak**

**Jan Ybema**

Leeuwarden | Bij rechtszaken waar bij een verdachte Fries wil spreken, moet gezorgd worden dat de rechter Friestalig is. Dat zei Fedde Dijkstra, de enige officieel geregistreerde tolk Fries, gisteren tijdens een bijeenkomst over Fries in de rechtspraak, georganiseerd door taaladviesorgaan Dingtiid.

„Oars fiele minsken har net genôch op har gemak om Frysk te praten. Dat fernim ik iderkear wer“, zei Dijkstra. „As rjochters Nederlânsk prate, dogge fertochten dat ek, Sels as ik har sis dat se gerêst Frysk prate meie, dogge se dat net.“ Terwyljer onder laaggeschoolden wel degelijk Friezen zijn die het Nederlands niet goed machtig zijn, is Dijkstra’s ervaring. „Sels dan stuntelje se fierder yn it Nederlânsk. Se fiele har gewoan net frij om Frysk te praten yn sa’n formele omjouwing.“

Kinderrechter Sietse Kooistra, die

onlangs opviel door een beschikking deels in het Fries te schrijven, kon zich de gevoelens van de verdachten wel voorstellen. „Minsken kinne beaud wêze dat de rjochter se net goed begrypt, ek al seit er dat er Frysk ferstiet.“ Bovendien kunnen verdachten en hun verdediging bang zijn dat ze zichzelf benadelen door een punt te maken van het Fries, bracht Hanny Elzinga naar voren, bestuurslid van Dingtiid en strafrechtjurist.

**As rjochters  
Nederlânsk prate,  
dogge fertochten  
dat ek, ek al prate se  
makliker Frysk**

In de rechtspraak wordt het belang om je eigen moedertaal te kunnen spreken onderschat, stelden verschillende aanwezigen, onder wie tolken, mensen van slachtofferhulp en het

juridisch loket. „Ik kom tichter by de minsken en krij mear ynformaasje fan har, en, ek hiel belangryk, as in sitting yn it Frysk giet, wekt dat by de fertochten mear fertrouwen yn myn útspraak. It kreabarret draachflak foar it rjochtsysteem.“

Rekening houden met actieve beheersing van het Fries bij rechters zou lastiger zijn geworden door de schaalvergroting. „Wyr fernimme dat de posysje fan it Frysk in knau krigen hat troch de opskaling nei Noard-Nederlân en it Hof nei Arnhem-Ljouwert“, stelde Henriette Reinstra van het Juridisch loket.

Overigens wordt niet bijgehouden hoe vaak een verdachte Fries wil spreken en hoe vaak dat tot moeilijkheden leidt. In een memo van de rechtbank uit 2017 wordt een schatting genoemd dat in 5 tot 10 procent van de strafzaken in Leeuwarden (deels) Fries gesproken zou worden.

Deputeerde Poepjes toonde zich in de Staten nachtans hoopvol dat de positie van het Fries in de rechtspraak stap voor stap verbeterd. Ze wijst ten slotte ook op de verantwoordelijkheid van de Friezen zelf en hun „selsbewustwêzen om har eigen taal te brûken“, ook voor het hekje

## Oerlis Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert

DINGtiid hat yn desimber 2019 mei [brieven](#) oan Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert oandacht frege foar de posysje fan it Frysk binnen de rjochtspraak, yn it bysûnder yn relaasje ta it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal. Fierder waard ek omtinken frege foar it kwetsbere Fryske tolkenetwurk. DINGtiid skreau yn de brieven dat it foar Fryskpraters dy’t yn kontakt komme mei de rjochtspraak fan grut belang is dat se ûnbehindere harren taal sprekke kinne yn de rjochtseal, en dêrta ek pro-aktyf útnûge wurde. Yn de brieven stelt DINGtiid dat it gebrûk fan de Fryske taal, yn it bysûnder yn de rjochtseal, bydrage sil oan de kwaliteit fan de rjochtspraak.

As reaksje op de brief oan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert fûn op 14 july 2020 in oerlis plak mei mr. A.R. van der Winkel, (doedestiids) presidint. Yn it petear waard konstataarre dat der noch gjin ferfolch jûn is oan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer (BFTK), omdat op dat momint de Rjochtbank Noard-Nederlân noch gjin nije presidint beneamd hie. Fierder

waard yn it petear de brosjure ‘Frysk prate – Fries spreken’ behannele. DINGtiid sil in tekstfoarstel dwaan, sadat minsken útnûge wurde om it Frysk ek te brûken yn de rjochtseal. Begjin 2021 sil in ferfolchpetear plakha mei Van der Winkel, dy’t yntusken presidint fan Rjochtbank Noard-Nederlân wurden is.

## **Frysk yn de taalwetgemeenten**

Sûnt 2017 hat DINGtiid ferskate dossiers opset dy’t reitsje oan de posysje fan it Frysk yn Taalwetgemeenten (d.i. gemeenten dy’t ûnder de Wet gebrûk Fryske taal falle). DINGtiid liet yn 2017/2018 ûndersyk dwaan nei gemeentlike weryndielings yn Fryslân en de posysje dy’t it Frysk dêrby hie of krige; de resultaten en oanbefellings binne yn 2018 [presintearre](#). Dêrnei liet DINGtiid (y.g.m. de Afûk) yn 2019 in [nultjitting](#) útfiere ûnder gemeentlike taalamtner om ynsjoch te krijen yn de ferhâlding tusken de ambysjes yn it gemeentlik taalbelied en de werklike ynset yn tiid en jild foar dy ambysjes.

## **DINGpetear ‘Steat fan it Frysk’**

Yn it ramt fan it dossier ‘Frysk yn de Taalwetgemeenten’ organisearre DINGtiid op 12 maart 2020 it DINGpetear oer de ‘Steat fan it Frysk’. Professor Durk Gorter, universitêr spesjalist Baskysk oan de Universidad del País Vasco (UPV/EHU) yn Donostia-San Sebastián, fersoarge op útnûging fan DINGtiid de ynliding. Taalbeliedsamtners fan Ryk, provinsje en gemeenten gienen yn petear mei taalûndersikers. Oan de iene kant om te begripen wêrom’t it byld fan de hjoeddeiske steat fan it Frysk noch diffús is, oan de oare kant om beliedsmakkers mei wittenskippers fan gedachten wikselje te litten. It wie oan alle kanten in fruchtber DINGpetear. Yn gearspraak mei it fjild waard fêststeld dat neier omtinken foar de gearwurking tusken taalwittenskip en taalbelied winske is. Dêrta hat DINGtiid, wer mei de Afûk, yn it neijier fan 2020 in follow-up op priemmen set, dy’t yn 2021 plakfine sil.

It wiidfiemjende advysdossier ‘Frysk yn de Taalwetgemeenten’ wurdt ôfsletten yn 2021 (sadree’t dat mooglik is yn ferbân mei it koroanafirus), mei in kombinaasje fan twa DINGpetearen. De earste sessy is de nisneamde follow-up ûnder taalsosjologyske ûndersikers en beliedsamtners, de twadde is ornearre foar wethâlders fan Taalwetgemeenten.

## **Advystrajekt Kennisynfrastruktuer Frysk**

Yn novimber 2019 sette DINGtiid útein mei it dossier oer de Kennisynfrastruktuer fan it Frysk yn de foarm fan in DINGpetear. Undersyks- en ûnderwiis(stipe)organisaasjes op it mêd fan de Fryske taal waarden yn kaart brocht. It ûndersyk moast ûnder oaren dúdlik meitsje hoe't der mear gearwurking komme kin tusken de kennisynstellings fan it Frysk, en hoe't de oanwaaks fan studinten Frysk (regeneraasje) en de kennisoerdracht ferbettere wurde kinne. Wit it fjild de kennisektor goed genôch te finen? En oarsom, slute de kennisynstellings fan it Frysk optimaal oan by de fraachstikken fan no en aanst? Foar de advysnotysje oer de kennisynfrastruktuer waard in wurkbesite brocht oan Galisië, fûnen DINGpetearen en ferskate oare petearen plak.

### **Wurkbesite Galisië**

In delegaasje fan it bestjoer en de stêf fan DINGtiid brocht fan 22 oant en mei 25 jannewaris 2020 in [wurkbesite](#) oan Galisië, yn it noardwesten fan Spanje. Doel fan de wurkbesite wie om te learen oer hoe't yn Galisië de kennisynfrastruktuer ynrjochte is. Hoe binne de kennisynstituten ûnderling ferbûn en hoe is de ferbining tusken kennis, maatskippij en ûnderwiis? De wurkbesite waard dien as ûnderdiel fan it ûndersykstrajekt troch DINGtiid nei de 'kennisynfrastruktuer fan it Frysk'. Professor Durk Gorter, universitêr spesjalist Baskysk oan de UPV/EHU yn Donostia-San Sebastián, wenne op útnûging fan DINGtiid ek in part fan de wurkbesite by en fersoarge in presintaasje oer de Baskyske taalsituaasje.

## Advysrapport Kennisynfrastruktuer fan it Frysk

Yn it ramt fan de kennisynfrastruktuer fan it Frysk hat DINGtiid praat mei in soad spilers yn it kennisfjild fan de Fryske taal. In earste petearsyklus, mei kennisbestjoerders, fûn al ein 2019 plak. Dêrnei wienen der, op 5 febrewaris en op 29 juny 2020, rûnetafelpetearen mei jonge kennisprofesjonals. Op 21 oktober 2020 koenen de Fryske kennisbestjoerders yn in (online) rûnetafelpetear ynput jaan op it konseptadvys. Yn it advysrapport 'Op 'e syk nei nije dynamyk' dat út dit proses fuortkaam is, wurdt sketst hoe't de kennisynfrastruktuer fan it Frysk ferstevige wurde kin. Op 1 desimber 2020 krigen deputearren Sander de Rouwe en Sietske Poepjes fan de provinsje Fryslân it [advysrapport](#) oerlange.



# Nieuw ‘kennisberaad’ moet regie Fries pakken

MARIA DEL GROSSO

**LEEWARDEN** Een nieuw ‘kennisberaad voor het Fries’ moet de dynamiek terugbrengen in de kennisinfrastructuur rondom het Fries. Die hapert aan alle kanten, aldus het adviesorgaan voor de Friese taal DINGtiid.

DINGtiid deed op eigen initiatief onderzoek naar de kennisinfrastructuur, het stelsel van onderwijs en wetenschap rondom het Fries, en constateert dat er veel moet gebeuren om de dynamiek er weer in te krijgen. Hun advies werd gisteren aangeboden aan gedeputeerden Sander de Rouwe en Sietske Poepjes.

De focus en regie missen in het kennisveld, alsmede samenwerking en in- en doorstroom van jong talent. „Er is geen duidelijke onderliggende koers, geen helder breedgedragen doel en geen sterk en vast stuur.“ Tot overmaat van ramp beconcurreren instellingen als de universiteiten, hogescholen, Afûk, Treasoar, Fryske Akademy, Campus Fryslân, het Fries Sociaal Planbureau, Fers, Cedin en de Stichting Fryske Berneopfang elkaar. Ze proberen allemaal in aanmerking te komen

voor projecten om zo subsidies of financiering binnen te halen.

Een kennisberaad voor het Fries kan hier een einde aan maken. Hierin moeten de bestuurders van de bovengenoemde instellingen zitten, aangevuld met maatschappelijke partners die als klankbord fungeren. Door het voorzitterschap te laten rouleren onder kennisbestuurders wordt neutraliteit bevorderd.

Binnen het kennisberaad moeten de verschillende kennisagenda's van Fryslân op elkaar afgestemd worden. Hierbij is volgens DINGtiid een grote rol voor de provincie weggelegd. Die moet de kennissector informeren en betrekken bij de kennisagenda's. „Als dat goed gebeurt, versterkt het Fries zijn maatschappelijke en academische positie. Zo is de Friese taal de grote winnaar.“ De provincie moet de rol van kennisclient op zich nemen door bij de sector te vragen naar kennisagenda's en daarvoor middelen vrij te maken.

Aan die middelen ligt het niet, ziet DINGtiid. „Er zijn volop goede faciliteiten en ook veel middelen voor het Fries beschikbaar, maar niemand weet waar naartoe wordt gewerkt, laat staan dat dit gezamenlijk gebeurt.“ Het taalorgaan adviseert te-

vens een traineeprogramma in te voeren. Daarin moet jong talent opgeleid worden tot een maatschappelijke of wetenschappelijke carrière in het Fries. Er zou een ‘community’ van jonge professionals moeten komen, een „Jonge Fryske Akademy.“

DINGtiid stelt zelf de vraag of het erg is dat de huidige kennisinfrastructuur niet functioneert. Dat is zo, is het antwoord, omdat een goed kennisstelsel ervoor zorgt dat de kennis van en over de taal zich blijft ontwikkelen. Zonder innovatie, nieuwe inzichten en nieuwe methodes, is de kans groot dat het Fries langzaam uitsterft, stelt DINGtiid. Doorstroming is van cruciaal belang omdat er anders in de toekomst niet genoeg kennis en kunde beschikbaar zijn. Dan zijn ‘toppers’ niet meer te vinden zoals nu bij de zoektocht naar een nieuwe directeur voor de Fryske Akademy. Zorgelijk is ook dat het aantal studenten Fries terugloopt, er behoefte is aan meer docenten, er niet veel eindexamenkandidaten Fries zijn en de academische tak noodlijdend is.


Gedeputeerde Poepjes las in het advies „grutte gedachten“ en „konkrete foarstellen“. „As it heal kin, moat it gau ta útfiering komme.“

## Follow-up Casestudy Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes

Ein 2019 bea DINGtiid de foarriedige konklúzjes en oanbefellings fan de casestudy ‘Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes’ oan minister Raymond Knops fan BZK oan. Dizze casestudy – dy’t DINGtiid yn 2018-2019 útfierd hie op fersyk fan minister Kajsa Ollongren fan BZK – brocht yn kaart hoe’t de Belestingsjinst, RVO, UWW, DUO en Meldkeamer Noard-Nederlân it Frysk mûnling en skriftlik brûke yn harren kontakt mei boargers. Op 27 febrewaris 2020 bea DINGtiid de definitive [casestudy](#) oan BZK en provinsje Fryslân oan. In ynhâldlike reaksje fan sawol it ministearje fan BZK as provinsje Fryslân folge. Provinsje Fryslân sette yn 2020 in follow-up út foar de casestudy mei de Ryksútfieringsorganisaasjes. As ferfolch biedt de provinsje, mei help fan de Afûk, dy organisaasjes teoretyske en praktyske hânfetten om te kommen ta taalbelied en útfiering fan taalbelied. Dit proses wurdt fuortset yn 2021.

# Poepjes wil actie van minister voor Fries bij diensten

**Dingtiid: uitvoeringsdiensten rijk ontberen Fries taalbeleid**

 Jan Ybema

Leeuwarden | Het rijk moet meer doen om rijksdiensten aan te sporen Fries taalbeleid te ontwikkelen. Gedeputeerde Sietske Poepjes gaat minister Kajsa Ollongren van Binnenlandse Zaken en haar ambtelijke top daarop aanspreken.

Poepjes zei dat gisteren in reactie op een rapport van taaladviesorgaan Dingtiid. Dat onderzocht de omgang met de tweede rijkstaal bij rijksuitvoeringsorganisaties UWV, DJO, de Belastingdienst, de Rijksdienst voor Ondernemend Nederland (RVO) en de Meldkamer Noord-Nederland. Geen daarvan blijkt taalbeleid voor het Fries te hebben vastgelegd.

‘Iedere medewerker bepaalt in wezen zijn eigen taalbeleid’, stelt het rapport. ‘De taalhouding is yn ‘e basis faak posityf, mar it kin net sa wêze dat omgong mei it Frysk fan it tafal

fan in pear entûsjaste meiwurkers ôfhinklik is”, vindt Poepjes. „It moat yn de organisaasje fêstlein wurde.”

In de Wet gebruik Friese taal staat dat rijksdiensten een beleidsplan Fries kunnen opstellen, maar verplicht is het niet. In een reactie op het Dingtiid-rapport kondigt minister Ollongren geen concrete actie aan.

Poepjes vindt dat onvoldoende. „Ik ha der fertrouwen yn dat de minister oerhelle wurde kin ta in mear resolute manier fan optreden.” Ze wijst op de wettelijk en in ondertekende verdragen vastgelegde plicht van het rijk om de Friese taal te beschermen en versterken. „Wy sille it ryk wize op dy ferantwurdlikheid, net mei jittik, mar mei sjerp.”

De gedeputeerde gaat snel ook met leidinggeevenden van de uitvoeringsorganen in gesprek. Dingtiid adviseert onder meer cursussen Fries onder werktijd aan te bieden en inzichtelijk te maken wie in de organisatie het Fries machtig zijn om inwoners te woord te staan. Bij de Meldkamer staan sommige centralisten nu negatief tegenover het Fries.

## Underwiisynspeksje Frysk yn primêr en fuortset ûnderwiis

De Provinsje Fryslân lei yn oktober 2020 in advysfraach del by DINGtiid om de optimale omstannichheden foar it tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn kaart te bringen. De provinsje frege dêrby yn it bysûnder omtinken foar de posisjonearring fan it tafersjochsfoech, nei oanlieding fan it Bestjoersakkoart ‘Lok op 1’ (2019-2023) dêr’t de provinsje de ambysje yn útsprutsen hat om it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis nei de provinsje ta te heljen en fan it Ryk oer te nimmen (resultaat 55 út it Bestjoersakkoart ‘Lok op 1’). Ditoangeande fierde DINGtiid yn desimber 2020 petearen mei Provinsje Fryslân, Underwiisynspeksje, Cedin, CSG Liudger, Lektoraat Meartaligens & Skriftlike taalbehearsking fan NHL Stenden Hegeskoalle, pû-koepel ROOBOL en it Ministearje fan OCW. De advysnotysje sil yn 2021 oerlange wurde.

## DINGtiid as organisaasje

- **Digitalisearring**

Lykas de rest fan de wrâld koe ek DINGtiid yn 2020 net om de koroanakrisis hinne. De maatregels en lockdowns fregen kreativiteit en fleksibiliteit fan bestjoer en stêf. Dochs is it slagge om it hiele jier troch it wurk troch te setten. Bestjoersgearkomsten fûnen benammen online plak. Guon plende DINGpetearen moasten lykwols útsteld wurde. Om yn de noch altyd ûnwisse takomst op oardel meter ofstân oan it wurk te kinnen en oerlizzen plakfine te litten, is DINGtiid binnen itselde gebou ferhûze nei in grutter kantoar. Fierder is apparatuer en software oanskapt om ek yn de takomst digitaal gearkomme te kinnen.

- **Webside**

DINGtiid publisearre yn 2020 ûnder oaren trije advysnotysjes, in wurkbesiteferslach oan Galisië en it jierferslach 2019. De lêste trije jierren sjocht DINGtiid in groei fan it oantal unike besikers oan de webside, mei in groei fan goed 45 prosint yn it lêste jier.

- **Sichtberens**

Fryske nijsmedia publisearren ferskate kearen oer DINGpetearen en advysbrieven fan DINGtiid. Dêrneist klommen ek kolumnisten yn de pinne of gienen skriuwers fan ynstjoerde brieven yn de kranten fierder yn op saken dy't yn DINGpetearen oan bod kaam wienen. Dat is ek wat DINGtiid neistribbet: belanghawwers mei-elkoar yn petear bringe. DINGtiid sels wie op sosjale media benammen aktyf op Twitter. Der waarden 201 tweets ferstjoerd, dy't mei-inoar 183.481 kear besjoen binne. De tweets hawwe laat ta in groei yn it tal folgers fan sawat 15 prosint yn ferlykjen mei 2019.



## Wat hat DINGtiid berikt yn 2020?

- **DINGtiid ûndersiket en advisearret**  
DINGtiid brocht frege en net-frege advizen út: frege advizen oangeande it gebrûk fan it Frysk by Ryksútfieringsorganisaasjes en de kennisynfrastruktuer fan it Frysk; net-frege advys oangeande it gebrûk fan it Frysk by Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert. Ein 2020 is in begjin makke mei in frege advys oer de ûnderwiisynspeksje.
- **DINGtiid bringt byelkoar**  
DINGpetearen binne in moai middel om minsken út ferskillende hoeken byien te bringen om te breinstoarmjen oer it Frysk. De DINGpetearen oangeande Rjocht en de Steat fan it Frysk, en de rûnetafelpetearen oangeande de kennisynfrastruktuer fan it Frysk hawwe dat goed sjen litten.
- **DINGtiid digitalisearret**  
Om yn de koroanakrisis goed mei-inoar en it Fryske fjild yn kontakt te bliuwen hat DINGtiid stappen set om yn digitale foarm gear te kommen en ynformaasje te dielen. It doel is om dat ek yn de takomst dwaan te bliuwen.

## Oersjoch útjeften DINGtiid 2020

It beskikbere budzjet fan DINGtiid foar it jier 2020 wie € 177.700. De provinsje Fryslân hie foar 2020 in bedrach fan € 111.700 earmarke foar DINGtiid. It ministearje fan BZK stelde DINGtiid € 51.500 ta foldwaan. Dêrneist wie der út 2019 noch in bedrach fan € 14.500 beskikber foar 2020.

	<b>Utjeften</b>
Fergoedings bestjoersleden DINGtiid	€ 20.832,00
Stêf DINGtiid	€ 90.787,58
Húsfêsting	€ 4.861,64
Kommunikaasje	€ 7.788,15
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen	€ 4.491,00
Oerlizen – DINGpetearen	€ 2.722,55
Oare kosten (reiskosten, administraasje, abonneminten, sollisitaasje, ensfh.)	€ 14.954,57
<b>Totaal</b>	<b>€ 146.437,49</b>

